

Tekst 1 Boeveferhalen fan de strjitte

- 1p 1 Hokker funksje hat alinea 1?
A it fertellen fan in anekdoate
B it yntrodusearjen fan in saakkundige
C it jaan fan in gearfetting foarôf
D it stellen fan de sintrale fraach
- 1p 2 Hokker konklúzje lûkt de skriuwster út de earste situaasje dy't sy yn alinea 2 beskriuwt (r. 13-21)?
A dat allinne al de gedachte oan in plysjehûn effekt hat
B dat hieltyd mear minsken bekend binne mei plysjehûnen
C dat in Mechelske harder der it meast driigjend útsjocht
D dat relskoppers faak trochgean as der in plysjehûn by is
- 1p 3 Wat is it ferbân tusken "Mar soms, ... dat oars." (r. 22-23) en de rest fan de alinea?
It twadde part
A is in foarbyld by wat yn de foarôfgeande sin bewerd wurdt.
B jout in oarsaak foar wat yn de foarôfgeande sin konstataarre wurdt.
C lûkt in konklúzje út wat yn de foarôfgeande sin sein wurdt.
D sprekt tsjin wat yn de foarôfgeande sin steld wurdt.
- 1p 4 Wat is it ferbân tusken alinea 3 en alinea 4?
A It is in ferlykjend ferbân.
B It is in oarsaaklik ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 5 Ut hokker hanneling docht bliken dat de fertochte, dy't yn alinea 4 neamd wurdt, tige bang is foar plysjehûnen?
Yn rigel 70 wurdt it wurd 'grien' brûkt.
- 2p 6 Op wa/wat slacht dat en wat wurdt dermei bedoeld?
Helje dyn antwurd út alinea 5.
De twadde hûn fan Hugo wie Barry (r. 74).
- 2p 7 Wat makke Barry ynearsten net sa geskikt as plysjehûn?
Jou twa saken dy't yn de alinea's 5 en 6 neamd wurde.
"Hy treau ... my mar." (r. 90-92)
- 1p 8 Wat liet Barry neffens Hugo mei dat gedrach sjen?

- 1p 9 Wat wie de rol fan de plysjehûn yn it ferhaal út alinea 7?
- A De hûn behindere mei syn jachtynstinkt de rêdingsaksje.
 - B De hûn help Hugo de man út it wetter te heljen.
 - C De hûn liet de man skrikke dat er út it wetter kaam.
 - D De hûn warskôge dat der in manspersoan yn it wetter lei.

Yn alinea 8 leit Hugo út wêrom't er in blog skriuwt.

- 1p 10 Wêrom skriuwt er ien?
- Hugo skriuwt oer syn ûnderfiningen by de plysje,
- A omdat de minsken dan witte dat er boeven fangt.
 - B omdat hy dramatyske saken dy't er meimakket fan him ôfskriuwe wol.
 - C omdat minsken dêrtroch de plysje en harren wurk better begripe.
 - D omdat skriuwen syn hobby is.

De volgende inleiding hoort bij de vragen 11 tot en met 13.

“Sokke ûnderfiningen binne ‘tatoeazjes op dyn harsenpanne’, seit er.”
(r. 143-145)

- 1p 11 Hokker stylmiddel wurdt hjir brûkt?
- A ferliking
 - B metafoar
 - C metonymia
 - D paradoks
- 1p 12 Wêr doelt de skriuwster op mei ‘sokke ûnderfiningen’?
- 1p 13 Lis út wêrom't de skriuwster dat sitaat krekt op dit plak yn de tekst oanhellet.
- 1p 14 Wat binne de wichtichste skriuwdoelen fan dizze tekst?
- A ferdivedearje en oantrune
 - B ynformearje en ferdivedearje
 - C ynformearje en oantrune
 - D ynformearje en oertsjûgje

Tekst 2 Absolút ûnthâld is earder in ferskrikking as in foardiel

- 1p 15 Wat is it ferbân tusken “Sy kinne ... yn detail.” (r. 2-3) en de rest fan de alinea?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in oarsaaklik ferbân.
 - C It is in tsjinstellend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.

- 1p 16 “Gjin momint giet ea foarby.” (r. 10)
Wat is it ferbân tusken dizze sin en alinea 1?
A De sin jout in gefolch fan alinea 1.
B De sin jout in konklúzje by alinea 1.
C De sin jout in miening oer alinea 1.
D De sin jout in oarsaak by alinea 1.
- 1p 17 Wat is de funksje fan alinea 6 yn relaasje ta alinea 5?
A Alinea 6 jout in gefolch.
B Alinea 6 jout in nuansearring.
C Alinea 6 jout in oanfolling.
D Alinea 6 jout in tsjinstelling.
- 2p 18 Helje út alinea 7 de twa skaaimerken fan de *quantified-self-trend*.
- 1p 19 Sitearje de sin út alinea 7 dêr't it doel fan de *quantified-self-trend* it bêste yn werjûn wurdt.
- Yn de alinea's 8 en 9 komme twa persoanen oan it wurd: de heit fan in fermoarde jonge en Jill Price dy't by de Oprah Winfrey Show te gast wie.
- 2p 20 Jou in oerienkomst en it belangrykste (spesifike) ferskil tusken beide persoanen.
- 1p 21 Wat is it ferbân tusken “Technysk besjoen ... fetber is.” (r. 114-116) en “Mar ús ... yn 'e steek.” (r. 116-118)?
A It is in ferlykjend ferbân.
B It is in oarsaaklik ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 22 Ferjitte kinne wurdt neffens alinea 11 sjoen as
A in negative feardichheid.
B in negative feardichheid mei positive kanten.
C in positive feardichheid.
D in positive feardichheid mei negative kanten.
- Nei de ynliding (de alinea's 1 en 2) giet de skriuwster yn op de foardielen fan absolút ûnthâld.
- 1p 23 Sitearje de sin yn de tekst dêr't de skriuwster mei begjint oan de beljochting fan de minpunten.

- In skriuwer kin gebrûk meitsje fan:
- 1 feiten
 - 2 de eigen miening
 - 3 de miening fan oaren
- 1p 24 Wêr makket de skriuwster fan dizze tekst benammen gebrûk fan?
- A 1
 - B 2
 - C 3
 - D 1 en 2
 - E 2 en 3

Tekst 3 Studearje dogge jo net foar de aardichheid

- 1p 25 Wat is it ferbân tusken alinea 1 en alinea 2?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in oarsaaklik ferbân.
 - C It is in tsjinstellend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 26 Neam út alinea 2 twa wurden dy't neffens histoarikus Jeroen van Baar de eardere Nederlânske studintetiid karakterisearje.
- Neffens alinea 1 woe de steatssekretaris de twû-learlingen stimulearje troch harren de mooglikheid te jaan om in cum-laude-diploma te heljen.
- 2p 27 Is der yn it heger ûnderwiis al sprake fan in stimulearringsmaatregel foar topprestaasjes?
Motivearje dyn antwurd mei help fan alinea 3.
- 2p 28 Nimt de skriuwer it rapport fan de WRR (alinea 4) serieus?
Motivearje dyn antwurd.
- 1p 29 Sitearje út alinea 5 it wurd dat krekt as 'veranderitis' (r. 59) wiist op feroaring.
- 1p 30 "Nederlânske studinten binne faak net bot motivearre." (r. 61-62)
Hokker soarte argumint brûkt de skriuwer om dy bewearing te ûnderbouwen?
- A in argumint basearre op autoriteit
 - B in argumint basearre op emoasje
 - C in argumint basearre op in foarbyld
 - D in argumint basearre op in moreel oardiel

De volgende inleiding hoort bij de vragen 31 en 32.

Yn alinea 7 wurdt praat oer bûtenlânske studinten oan Nederlânske hegeskoallen en universiteiten.

1p 31 Wat hâldt de spegel foar de Nederlânske studinten yn (r. 70-72)?

Sy sjogge dat de bûtenlânske studinten

A flugger in diploma helje.

B hegere sifers helje.

C letter makliker wurk fine.

D mear motivearre binne.

2p 32 Neam twa foarbylden dêr't út bliken docht dat bûtenlânske studinten tige goed prestearje.

2p 33 Hokker dilemma komt yn alinea 8 oan de oarder?

“Yn Nederlân wurdt ûnderwiis as in soarcharranzjemint oanbean.”
(r. 103-104)

1p 34 Hokker wurd yn alinea 9 hat likernôch deselde gefoelswearde as ‘soarcharranzjemint’?

“De keizer hoecht net hieltyd wer nije klean te krijen.” (r. 128-130)

2p 35 Wa of wat wurdt bedoeld mei de ‘keizer’ en mei ‘nije klean’?

De tekst begjint mei in útspraak oer in miste kâns.

1p 36 It is in miste kâns neffens

A de skriuwer

B de steatssekretaris fan ûnderwiis

C de WRR

D Jeroen van Baar

1p 37 Ta watfoar tekstsoarte heart dizze tekst?

A It is in redenearring.

B It is in skôging.

C It is in útiensetting.